

Tekst 1

Stille maitiid

(1) It is lang om let maitiid, in selde soarte fan maitiid lykas doe't ik goed tritich jier lyn foar de earste kear yn 'e kunde kaam mei Jorwert. En dochs is it no in folslein oare maitiid. Want it is stil wurden yn de Fryske greiden.

(2) Dêr't dy it hearren en sjen trije desennia lyn fergie ast troch it lân rûnst, dêr'tst noch mar in jier of sân lyn om healwei fiven wekker waardst fan it fûgelleven, dêr hearst no in iensume skries of ljip en, hiel komselden, in ljurk. De skokkende statistiken en foarsizzingen fan de fûgeltellers fan doe binne hjoed-de-dei werklikheid wurden. Sa'n soarte fan proses spilet him ek ôf as it giet om it oansicht fan it Fryske lânskip. Dat proses kriget foar in grut part syn beslach yn stilte, dat wurdt boppedat, bin 'k bang, earst troch it grutte publyk opmurken as it te let is. Ik doel dêrmei op de Brabannisearring¹⁾ fan Fryslân, en dan benammen dy fan de flakke, karakteristike Fryske Greidhoeke.

(3) Wy kenne Fryslân as in freonlike, evenredige provinsje, mei de leechste kriminaliteitssifers fan Nederlân. Histoarysk besjoen ferkeart dizze krite yn in, planút sein, revolúsjonêre oergongsfaze. Iuwen en iuwenlang wie dit in gebiet dêr't lânskip, ekonomy, kultuer en ek arsjitektuer fierhinne bepaald waarden troch it ferlet fan de buorkerij. Sûnt de midden fan de foarige iuw is dat allegearre yngeand feroare. Dy yngripjende oergong fan in folslein agraryske maatskippij nei in maatskippij fan yndustry, tsjinsten, technology, toerisme en al sa mear,

ferrint net neffens in foaropset plan en net harmoanysk. It wie en is oanhâldend sykjen en taasten en dat sil noch wol in generaasje of wat sa trochgean.

(4) De gaos en de spanning dy't dy oergongsfaze meibringt, is skerp sichtber yn it Fryske lânskip. Dat is net in gebiet dêr't in blyn hynder kwealik skea oanrjochtsje kinne soe. In grut part fan dat gebiet is krekt, yn al syn iepenheid, uterst kwetsber. Elke yngreep, elke lûdboarne, alles hat in effekt dat folle fierder rikt as yn in gebiet mei mear bosk en heuvels. Wa't wat behâlde wol fan de skjintme en de gruttens fan it Fryske lân, benammen fan de Greidhoeke, moat dus bûtengewoan wach wêze. Want it giet ynienen hurd mei de ferrommeling fan dit âlde lânskip.

(5) Opfallend genôch liket elkenien it dêr wol oer iens te wezen. Kommentators en politisy stroffelje oerinoar hinne as it te rêden is om harren reewilligens om foar dit karakteristike gea op te kommen. It lânskip sels fertelt lykwols in hiel oar ferhaal. Wa't it Fryske lânskip fan no besjocht, mei syn witeskimmeldoarpen²⁾, mei syn faak fierstente grutte en nutteleaze yndustrygebieten, mei syn megaskuorren dy't as poddestuollen út 'e grûn oprize, mei syn monumintale pleatsen dy't ûnder de slopershammer ferdwine - wa't dat allegearre werklik ta himsels trochkringe lit, heint mar ien boadskip op: as de kniper op 'e skine komt, makket it ús by eintsjebeslút gjin grevel út. It hat der in soad fan dat nimmen him úteinlik ferantwurdlik fielt: de boeren

85 net, de boargers net, de oerheid
likemin.

(6) Yn dizze tiid, en yn dit lânskip
bout in iensume Fryske arsjitekt,
Rein Hofstra, syn brêgen. Brêgen oer
90 autodiken, mar foaral ek brêgen
tusken it âlde en it nije Fryslân.
Dêrby skept er opfallend kreaze
ferbiningen tusken tradysje en
moderniteit, alle kearen wer oars, alle
95 kearen wer orizjineel. Hy toant dêrby
in ûnbidige ynset en tagelyk in grut
en oarspronklik fakmanskyp. It is, tink
ik faak, yn it foarste plak ek dat
suvere fakmanskyp dat him hieltyd
100 wer oantrunet ta rebûlje tsjin de
fêstige Fryske oarder. De
brêgebouwer is hjir, en soks is in
seldsume kombinaasje, tagelyk de
permanente dwersbongel. Of, better
105 sein, deselde dy't bestjoerders en
fakgenoaten hieltyd wer op it rjochte
paad besiket te krijen. Der barre ek
yn Fryslân prachtige dingen op
arsjitektoanysk mêd, mar it raast oan
110 de protters wat hjir te faak op dit
kostlike, kwetsbere plattelân oan
bousels delskiten wurdt - in oar wurd
soe tefolle eare betsjutte.

(7) No is skjintme net allinne mar in
115 foarm fan yndividueel belibjen. Rein
Hofstra is ek yn dy sin in fakman, dy't
útgiet fan de absolute wearde fan
bepaalde moaie dingen, fan
bepaalde foarmen en fan bepaalde
120 ferhâldingen sels. Wêrom reizget de
hiele wrâld bygelyks nei Amsterdam
ta fanwegen de grêftepannen yn de
binnenstêd of nei Beijing om de
Ferbeane Stêd te bewûnderjen? Net
125 yn it lêste plak omdat de skaal en de
ferhâldingen fan beide projekten
perfekt binne. Wêrom kin in bern op it
Ljouwerter Aldehoustersjerkhôf sjen
dat de ferhâldingen út noch yn net
130 doge en wêrom binne de brêgen fan
Rein Hofstra pronkjies yn it Fryske

lânskip? Om krekt deselde reden. It
hat neat mei 'tradysje' of 'nostalgjy' te
krijen, mar sljochtwei mei de
135 grûnbegjinsels fan arsjitektuer en
foarmjouwing. Foar de kwaliteiten fan
in lânskip jilde, teminsten oan in
hichte ta, ek bepaalde absolute
wearden.

(8) Wêrom driigje dy wearden hjir no
sa yn de ûnderwâl te reitsjen?
Wêrom swalket it arsjitektewurk hjir
te faak hinne en wer tusken Gamma-
bousels út goedkeape Lego-doazen
145 en in sweeslaggerich sabeare
kastieltsje yn it lân by Mantgum?
Binne dy bousels ek net tekenjend
foar de identiteitskrisis dêr't Fryslân
him op dit stuit yn befynt? Okkerjiers
150 brocht de Fryske heechlearaar Goffe
Jensma yn in fernimstich betooch
foar it *Fries Genootschap* in
bûtengewoan belangryk fraachstik op
it aljemint: hechtsje de Friezen
155 harren net al te bot oan in al lang net
mear bestend ferline, oan in
ferdwinende taal en oan in min ofte
mear surrealistysk lânskip út de 19de
iuw? Jensma rjochte syn pylken yn
160 dat ferbân benammen op it
ideaalbyld fan it Fryske lânskip, in
lânskip dat neffens him foaral yn ús
holle sit. In foarm fan, nei syn sizzen,
'romantysk' en 'konservatyf'
165 lânskipsbelibjen. Dy lûden hearst wol
faker. Foar in part bin ik it dermei
iens, foar in part ek net.

(9) Ynearsten hast te krijen mei it
yngewikkelde begryp identiteit, grif as
170 it giet om sokssawat as de 'Fryske
identiteit'. Ik slút my yn dit stik fan
saken oan by de bekende definysje
fan nasjonale en regionale
identiteiten, dy't de antropolooch
175 Benedict Anderson delset as:
'ferbylde mienskippen'. It subjektive
'belibjen', dêr't Jensma in bytsje
leechlizzend oer docht, spilet yn

sokke ferbylde mienskippen altiten in
 180 sintrale rol. Jawis, it is foar in grut
 part ferbylding, mar it wurket wol.
 Krekt sa't tradysjes in binende
 funksje hawwe, krekt lykas taal en
 rituelen. Sok 'belibjen' ropt gefoelens
 185 op fan ienriedigens en it ferlet dêrfan
 wurdt yn dizze hurd feroarjende en
 globalisearjende iuw allinne mar
 sterker, as in soarte fan needsaaklik
 tsjinwicht, yn alle opsichten. Dat
 190 ferlet is wêzentlik en moat net
 ûnderskat wurde.

(10) De ferhalen om identiteit hinne
 dêr't minsken har dwaan troch liede
 litte, yn alle gefallen yn Fryslân, rinne
 195 lykwols stadichoan mear útinoar. Oan
 de iene kant hat men al dyjingen dy't
 dêrby foaral de klam lizze op de
 mienskip, ynklusyf de taal. Oan de
 oare kant is der lykwols ek it ferhaal
 200 fan de romte - om it oars te sizzen:
 fan it lânskip as drager fan de
 identiteit. Tradysje, ek yn de bou en
 yn it lânskip, telt ommers wol deeglik,
 sels al giet it om saneamde 'invented
 205 tradition'³⁾. It binne te ferwachtsjen
 gedrachspatrounen. Sjoch bygelyks
 de linen yn doarpen, stêden en
 benammen lânskippen dy't, faak

ûnbewust, struktuer jouwe oan in
 210 faak mar al te gaoatyske wrâld. It is
 faker sein: as dyn identiteit foarme is
 troch dúdlike begrinzigen, asto út in
 helder omskreaun plak yn de wrâld
 komst, asto bepaalde tradysjes
 215 fertsjinwurdigest, dan stiesto in stik
 steviger yn it libben as wannear'tst
 grut wurden bist yn dizige netwurken
 en flechtige ferbannen, dy't
 algeduerigen feroaren fan karakter
 220 en kleur. 'Place Matters' is it grutte
 biedwurd fan dit desennium.
(11) Wat moat ús konklúzje wêze?
 Ja, Fryslân moat om in nij lykwicht
 sykje, tusken ferline, no en takomst
 225 fan doarp, stêd en foaral lânskip.
 Likefolle út hokker belibjen wei, it
 lânskip foarmet in part fan de
 identiteit fan Fryslân. It is ek in part
 fan de krêft fan de provinsje, en it
 230 moat yn dy sin koestere wurde. Ik
 brûkte mei sin dat wurd: 'koesterje'. It
 giet dan net om in nostalgyske
 Anton-Pieck-fyzje⁴⁾ op it lânskip. It
 giet wol om folle mear diskusje oer
 235 dat lânskip, om mear fragen oer
 saken dy't no mar as al te
 fanselsprekkend akseptearre wurde.

*naar: Geert Mak, (een bewerking van) een toespraak bij de opening van de
 tentoonstelling over het werk van de Friese architect Rein Hofstra,
 Wommels, 26 april 2013*

noot 1 'brabannisearring': hjirmei wurdt doeld op it teloargean fan de iepen romte, benammen
 troch it folbouwen fan it gebiet tusken stêden.

noot 2 'wite skimmel' is in term dy't ynearsten brûkt waard foar nij boude hûzen fan wite stien
 oan de râne fan in doarp; no is it in oantsjutting fan de bebouwing op it plattelân dy't
 detonearret mei it oarspronklike bebouwingspatrouan en dy't dat as in skimmel
 oantaast.

noot 3 'invented tradition' (útfûne tradysje): in symboal of in ritueel dat foarsteld wurdt as in
 âlde tradysje, mar dat net is.

noot 4 Hjir wurdt ferwiisd nei Anton Pieck, in ferneamde skilder/tekener út de foarige iuw mei
 in hiel eigen mearkeëftige en nostalgyske styl.

Tekst 2

It each rekket net útsjoen en it ear net útharke

Yn it regearakkoart fan 2012 waard ôfpraat dat der in reorganisaasje komme moast fan de trettjin regionale omroppen. Ferantwurdlik steatssekretaris Sander Dekker kaam dêrta yn 2013 mei in nota. De regionale omroppen waard oplein om 17 miljoen euro te besunigjen en om mear gear te wurkjen. Fierder soene se bekostige wurde moatte troch it Ryk en net mear troch de ferskillende provinsjes. Yn 2015 levere Piet Hemminga ûndersteande bydrage oan de diskusje oer de posysje fan de regionale omroppen, yn it bysûnder oer dy fan Omrop Fryslân.

(1) Sawat in jier nei syn úteinsetten as steatssekretaris hat Dekker syn takomstfyzje op de publike omrop buorkundich makke. As it om de regionale omrop giet, hat Dekker de keutel by it skjinne ein as er skriuwt dat dy syn publyk lytser wurdt en dat datselde publyk ek nochris sterk ferâldere is. Wol soe it ferlet en belang fan nijs en ynformaasje oer de direkte omkriten net minder wurden wêze. It is net dúdlik waans ferlet oft de Haachske jongkeardel op it each hat, mar syn wurden wurde net earlik stipe troch de hark- en sjochsifers fan Omrop Fryslân of troch de abonneetallen fan de beide provinsjale kranten yn Fryslân.

(2) De regionale sjoernalistyk (net allinne de Omrop!) moat syn funksje as hiemhûn rjochting gemeente- en provinsjehuzen hâlde, sa merkt Dekker fierder mei rjocht en reden op. De regionale omrop (en net de regionale sjoernalistyk) moat fierders, sa't men dat fan in VVD'er ferwachtsje mei, effisjinter organisearre wurde, sadat it mienskipsjild foaral yn regionale programma's fan de heechste kwaliteit stutsen wurdt. Alles wat mei-inoar dien wurde kin, moat mei-inoar dien wurde. En dus moatte de regionale stjoerders mei-inoar santjin

miljoen ynleverje. Salaris-administraasjes of technyske ynvestearringen kinne ek moai mei-inoar dien wurde.

(3) En fierders moat de profesjonaliteit fan de programmamakers omheech en komt der plak op de lanlike stjoerders om it berik grutter te meitsjen. It lêste is frijwat oerstallich, want, sa't de steatssekretaris sels ek al opmerkt, elk hat tsjintwurdich mei *tablet* en *smartphone* oeral en altiten tagong ta de media. En mannich kabeleks-ploitant biedt boppedat rûnom yn Nederlân alle regionale stjoerders oan. Dat makket trouwens moai in ferlykjen tusken de programma's fan de regionalen mooglik! Sa mei ik graach Minne Dijkstra op de Amsterdamske omrop AT5 sjen. Of guon programma's fan RTV Noord, dy't dúdlik meitsje wêrom't de Grinslanner hark- en sjochsifers dy fan de Omrop ynhelle hawwe.

(4) De trettjin regionalen arbeidzje al sa'n fjirtich jier mei-inoar op yn ROOS, de stichting Regionale Omroep Overleg en Samenwerking. Dy organisaasje is it net allinne mei grutte broer Nederlandse Publieke Omroep (NPO) net iens wurden, mar is tagelyk kwa opset net mear fan dizze tiid. Dus wol de steats-

sekretaris dêr wat oan dwaan en yn
 70 alle gefallen wol er ôf fan de unanime
 beslútfoarming dy't no noch fereaske
 is. Dekker makket in dúdlik punt, al is
 it mar omdat Omrop-direkteur en
 ROOS-fise-foarsitter Jan Koster sjen
 75 lit wat it betsjut as men de beide
 fuotten yn ien hoas hat. Syn
 ynstimmen mei de ROOS-opset om
 fiif 'klusters' fan regionale omroppen
 te meitsjen dy't ûnder ROOS falle en
 80 dy't bestjoerd wurde troch fiif
 regiodirekteuren en in foarsitter, stiet
 sawol heaksk op it provinsjale wollen
 om de Omrop selsstannich te hâlden,
 as op it stribjen fan de steatssekre-
 85 taris om ta in slachfeardiger
 organisaasje te kommen. Dat ROOS
 de santjin miljoen dy't frege wurdt
 derby leveret, is grif moai, mar net
 genôch.

90 **(5)** Earder liet Koster by it útkommen
 fan Dekker syn brief oan de Twadde
 Keamer oars al witte dat er 'groten-
 deels tevreden' wie mei dy syn plan-
 nen! Koster syn tinken is dus al wat
 95 âlder. Bêst mooglik dat de provinsje,
 lykas faker, in yllúzje neijaget, mar
 dat nimt net wei dat de algemien
 direkteur fan de Omrop, de
 oansluting mei sawol omjouwing as
 100 eigen minsken in bytsje ferlern hat.
 Der binne bestjoerders om minder
 oan de kant set. Tagelyk is it net te
 begripen dat Koster it ferline fan syn
 organisaasje net wat better neigien
 105 en ynbrocht hat. De ûnderfiningen yn
 it tiidrek 1946-1978, mei Regionale
 Omroep Noord (RON), letter
 Regionale Omroep Noord en Oost
 (RONO), wize net earlik yn de
 110 rjochting sa't ROOS dy no útstelt.
 Mar net allinne Jan Koster hat gjin
 boadskip oan de eigen skiednis, ek
 syn eigen meiwurkers geane dêr
 leafst sa flot mooglik oan foarby.

115 **(6)** "Fryslân kin net sûnder
 selsstannige omrop", sa is it sizzen.
 No hat Fryslân it langer sûnder as
 mei in selsstannige omrop oprêden,
 dat ik tink dat sok sizzen net earlik
 120 opgiet. En de aktuele hark- en
 sjochsifers, foar safier't dy in
 betrouber en adekwaat byld jouwe,
 ûnderbouwe sok sizzen likemin.
 Fierwei it grutste part fan de
 125 ynwenners fan Fryslân rêdt him
 skoan sûnder de Omrop en soks hat
 feitlik nea oars west. Dat dy hark- en
 sjochsifers net better binne, kin mear
 as ien reden hawwe. Wat grif spilet is
 130 de kwaliteit fan de programma's. Dy
 kwaliteit soe justjes better kinne en
 moatte.

(7) It publike debat soe dan ek net
 oer folsleine ûnôfhinklikens gean
 135 moatte, mar oer de ynhâld fan de
 programma's. Dy sille de kommende
 jierren grif hiel sterk feroarje. De
 ûntjouwingen yn it medialânskip
 steane noch lang net stil. It nivo fan
 140 de skoalkrante wurdt mear as ien
 kear helle, mar dat is noch krekt te
 leech as men de goed tolve miljoen
 euro's neitelt dy't de Omrop jierliks
 oan publike middels kriget. It
 145 programma Hea is in útmolken en in
 suver tragysk *format* wurden. It
 nijsprogramma Hjoed lit nea
 foarbylden fan Dekker syn
 hiemhûnfunksje sjen, om mar te
 150 swijen fan Mei Douwe of Geert yn de
 middei. En *running gag* Piet
 Paulusma draacht ek al net oan de
 fleur en kwaliteit fan de Omrop by.
 'Leuk' liket foar radio en telefyzje de
 155 heechste noarm te wêzen as men
 heart hoe faak oft dat wurd deis de
 mikrofoan foarby komt. Men harket of
 sjocht noch gjin fiif minuten nei de
 Omrop of dêr falt it L-wurd al. En dat
 160 it net allegearre like goed is, mei
 noch hinnebruie, mar ek de ambysje

om it better te krijen liket hielendal te missen en dat is krekt wat slimmer.

(8) De Bibelske útspraak dat it each net útsjoen rekket en it ear net útharke, jildt spitigernôch net earlik foar de programma's fan de Omrop. Hjir wreekt him ek dat de Omrop nea ferlet hân hat fan in kwaliteitsbeoardieling. En dat betsjut ek dat de provinsjale oerheid net wit wat de kwaliteit fan de Omrop is en sadwaande in wichtich argumint om de Omrop selsstannich te hâlden mist. Wêrom moat de Omrop winliken as selsstannige omrop bliuwe? Dat hat fansels te krijen mei it provinsjaal belied foar it Frysk. Mar tagelyk soe it brûken fan dyselde skoandere taal wolris in reden wêze kinne dat harkers en sjoggers in oare stjoerder foar kar nimme. Dat jildt grif ek foar dy lju dy't harren bûnt en blau ergerje oan it strieminne Frysk fan en foar de Omrop. Ek op dat punt mist, oars as alle moaie wurden fan it iepen brief fan de meiwurkers mooglik tinken dogge, de ambysje om it better te dwaan.

(9) Hiel oars as Koster binne de oare meiwurkers fan de Omrop wakker benaud foar it ferliezen fan de eigen ûnôfhinklikens en autonomy. Dat de Omrop 'folslein ûnôfhinklik' bliuwe moat, docht trouwens tinken oan de anargy fan in frijfochten binde. Wol graach op 'e tiid it salaris barre en fierders, yn de bêste nije provinsjale tradysje, gjin bemuoiallen op it eigen stee. Ik wol op 'e nij noch eefkes de tiid fan de Fryske útstjoerders ûnder de ferwinske NOS yn it sin bringe, de perioade fan 1978 oan 1988 ta, it jier dat de Omrop hielendal selsstannich waard. Hiel ferrassend, mar de

minsken fan dy Fryske útstjoering wiene ek doe werklik hielendal frij yn wat se makken. En yn de RON(O)-tiid wie dat by myn witten net oars.

(10) De strideraasjes giene net oer de programma's, mar oer it ferdielen fan it krappe jild, de burokratyske bemuoisucht fan de oerkoepeljende organisaasje, en net te ferjitten oer persoanlike tsjinstellingen. De tsjintwurdige meiwurkers lykje har ferlet fan organisatoaryske ûnôfhinklikens lyk te stellen oan sjoernalistike frijens. Wêrom wurde sokke fêste meiwurkers winliken gjin *freelancer*? Folslein selsstannich, ûnôfhinklik en autonoom. It opgean fan de Omrop, mei oare regionalen, yn in nije organisaasje betsjut al it ferlies fan de eigen wurdfierder, de eigen pleiter en it eigen boechbyld. It hâldt ek yn dat de eardere kollega-omrop de direkte konkurrint wurdt as it om it ferdielen fan it jild giet.

(11) Mar tagelyk kin de kwaliteit stipe wurde troch in tanommen kollegialiteit en kompetysje op de gruttere wurkflier. Hawar, Jan Koster is eefkes te hastich en te fier foar de troepen útrûn, mar syn kar is, ôfsjoen fan de noardlike skiednis, skoan te begripen. Tagelyk moat er fansels fuortendaliks út dat ROOS-bestjoer en fan al syn libbensdagen as direkteur fan Omrop Fryslân der ek nea wer yn.

(12) Wat sille de Friezen foar harren djoer jild en alle *likes* krije? Hagener Dekker boddet wol troch en de Omropmeiwurkers binne mar foar ien ding ynhierd: soargje derfoar dat Fryske eagen net útsjoen reitsje en Fryske earen net útharke.

naar: Piet Hemminga, www.demoanne.nl, juni 2015

Tekst 3

Heechlearaar sjoernalistyk Broersma: “De tafoege wearde fan sjoernalistyk sit yn it ûndersyk, de hifkjende taak, it yn kaart bringen fan wat der op in djipper nivo bart yn de provinsje, hoe’t dat yn in grutter ferhaal past. Ut ûndersiken docht hieltyd wer bliken dat de lêzer hielendal net sit te wachtsjen op inkeld mar ferdivedaasje en entertainment. As er dat wolle soe, dan binne der talleaze oare media dêr’t er better mei betsjinne wurdt. Wat minsken fan regiokranten ferwachtsje, is dat se betrouber binne en behelle by wat der te rêden is yn de regio. Weardefolle sjoernalistyk betsjut net ferplating, mar ynformaasje dy’t oanslút by it ferlet fan nijs by it publyk.”

tekstfragment uit: Richard de Boer, Investeren in blauw op straat, de Moanne 13:1, januari 2014

De teksten die voor dit examen gebruikt zijn, zijn bewerkt om ze geschikt te maken voor het examen. Dit is gebeurd met respect voor de opvattingen van de auteur(s). Wie kennis wil nemen van de oorspronkelijke tekst(en), raadplege de vermelde bronnen.

Het College voor Toetsen en Examens is verantwoordelijk voor vorm en inhoud van dit examen.